

## GEWIKT & GEWOGEN

# Altyd mem, altyd dochter

**Gebeurtenis:** Sterke Froulju mei *Memmesiel*. **Tekst:** Anja Steegstra.  
**Regy:** Hans van Buuren. **Sjoen:** 16/10 De Einekoer, Ryptsjerk. **Pu-  
blyk:** 90. **Noch te sjen:** [www.sterkefroulju.nl](http://www.sterkefroulju.nl) ★★★★★

**RYPTSJERK** Se hawwe it oer ‘it hotel’ en as se de sel ynstappe hjit it dat se har ‘appartemint’ werris opsykje. Mar hoe bot de froulju yn *Memmesiel* har bêst ek dogge om mei eufemismen de meast ûnoangename kanten fan har ferbliuw fuort te pûtsen, it feroaret neat oan it feit dat se opsletten sitte yn in finzenis.

Anja Steegstra hat foar selskip Sterke Froulju it stik *Memmesiel* skreaun. It lit wat sjen fan hoe’t it

memwêzen – mar ek it dochterwêzen – froulju yn ekstreme omstannichheden yn ‘e besnijing krije en hâlde kin. Wat in frou ek oerkomt, se is der altyd foar har bern en faak ek foar har mem.

It dekor bestiet út fjouwer reade doarren, dy’t elk tagong biede ta in sel. Betty sit fêst om’t de plysje 10 kilo drugs by har yn ‘e friezer oantrof, Annet komt út in fermidden dat earder assosearre wurdt mei witeboardenkriminaliteit, Corine is ien bulte ferbittering en agressy, mar – krekt as men it idee krijt dat se wolris psychopaat wêze kin – wurdt dúdlik hoe’t se sa wurden is. As fjirde frou skoot Diane oan. Al ridlik gau fertelt se dat se frijwillich yn de finzenis sit, om’t se in boek skriuwe wol mei ferhalen oer ‘echte

minskens’. Dat lêste is wat ûnwierskynlik en liket foaral betocht om de libbensferhalen fan de trije froulju maklik op tafel te krijen. Aldergeloks foarmje de interviews fan Diana net de kern fan de foarstelling. *Memmesiel* toant trije froulju dy’t troch omstannichheden tydlik ta elkoar feroardiele binne, dy’t elkoar de maat nimme, mar elkoar ek ta stipe binne. In foarstelling mei humor, mar ek ien dêr’t de emoasjes bytiden heech yn oprinne.

Hans van Buuren hat mei Anja Epema, Wytske Kooistra, Ineke Kalteren en Jeltje Joustra fjouwer sterke aktrises ta syn foldwaan, dy’t dy emoasje har gerak jouwe sûnder dat it op melodrama útrint. SIETSE DE VRIES